

[0123]

Men moast ris bisykje en fyn it komôf fan

**IN SPESIFYK FRYSK SYNTAGME <sup>1)</sup>**

Hindrik Miedema het der grif goed oan dien en bisprek yn De Pompeblêdden XXVIII, 232 ff de “analytyske omskriuwing” fan de *om to*-sinnen yn it Frysk, sa 't wy dy fine yn sinnen as *wolstou even hinnegean en nim in spoarkaertsje foar my?* It Frysk soe dêr ek sizze kinne *wolstou even hinnegean om in spoarkaertsje to nimmen foar my?* Wy wolle hjir op 'e *om to*-konstruksje net fierder yngean, mar Miedema forsint him as er tinkt dat dy yn it Frysk to witen is oan Hollânske ynfloed. It is nammentlik krekt oarsom: dy skriuwers dy 't yn har tael it fierst fan it folk ôf en it tichst by it Hollânsk stean litte (*om*) *to* it gaust falle yn gefallen lykas *it is de muoite hast net mear wurdich dat stealtsje op to warmjen* om fan skrik(-foar)bylden as *ik kom de krante heljen* mar to swijen.

Om werom to kommen op 'e kwesje dêr't it hjir om giet, de ymperative foarm yn it twadde lid jowt al to maklik de yndruk dat wy by dit soarte sinnen ek altyd to dwaen hawwe mei de ymperative funksje. Om dy fiksje út 'e wrâld to helpen ien fan Miedema syn foarbylden: hwa sil *de moed hawwe en ûndernim soksoarte wurk?* Hwat nou bysûnder is yn de konstruksje, is dy ymperatyffoarm yn it lêste part fan de sin. Dy is fansels nèt bysûnder yn *gean hinne en doch my de doar even iepen*, hwant dêr hawwe wy formeel

1) Mei tige tank oan myn materiaelleveranciers fan it Frysk Ynstitút, t.w. mr M.G. Oosterhout, Prof. dr W.J. Buma, en Prof. dr P. Gerbenzon, Foar in stadiger ûntjowing mei it selde risseltaet yn it Noardfrysk sj. U.W. V, 43 ff.

two troch *en* njonkenskikte ymperativen, dy 't oarspronklik ek folslein selsstandich yn har bitsjutting binne. Mar wòl bysûnder en specifyk Frysk is er yn sinnen dêr 't it earste lid in gearstald sechdewurd het, dus *ik sil wol ris by dy komme en nim myn pepieren wer mei* (hwerút at er him letter útwreidet oer sinstypes mei in inkelfâldich sechdewurd), hwant dêr brûke Hollanders en Saksen, sa 't Miedema sjen lit, (noch altyd) in ynfinityf, lykas yn âldfrinzich Frysk (sj. de foarbylden by Miedema) ek dien waerd. It is dêrom hwat spitich èn folslein ûnnedich, dat Miedema oan de ein hwat ta in it-kin-reine-en-it-kin-droechbliuwe-konklúzje komt, as er seit, “dat it Frysk oarspronklik beide hawn hat: *en* mei de ynfinityf ... en *en* mei de ymperatyf”. Hy hie, hwer 't de dialektgeografije foar him gjin nijsje mear is, útrekkenje kind dat it moderne Frysk hjir foar Hollân en Saksoania oer in fornijing het: m.o.w. foar de âldere stadia fan it Frysk meije wy rêstich in likenze tastân oannimme as nou it Hollânsk en it Saksysk nòch bistiet, dus it type *ik sil wol ris by dy komme en nimme myn pepieren wer mei*. Wel, dat syntagme wie yn it Aldfrysk ek it noarmale, sa 't bliken docht út de neikommende foarbylden út it fan Oosterhout út to jane Snitser Recesboek:

*ende* Jan hat oen nymen by vrow toe commen ... *ende* recknya mej her *ende* stellense toe vreden (nr 4039 19-XII-1509 orig).  
soe scellet hya dae nesta *riocht* dei *deer* ney weer toe *riocht* gaen *ende* nyment alst nw scold wessen habba (nr 4243 24-III-1507 orig).

opden dei *vors*. ist ... *consenteret* datse dae kynden mogen toe hyara nijma *ende* brengense deerse bewaerd *syn* *ende* deerse haffna wirdet (nr 4245 24-III-1507 orig.)

It tafoegjen fan de ûnfryske -n yn *stellen*, *nymen* en *brenge* lit oer de echtens fan dy ynfinityven gjin twifel bistan en is sadweande ta ús gelok. Hwant troch it ôfsliten fan de ymperatyf- en praesens-meartalsfoarmen (b.g. *nemath*, *herath* en en *askiath* ta *nema/neme*, *hera/here* en *askia/askie*) foelen dy gear mei de ynfinityf en dat fortribelt de idintiteit fan de tiidwurdsfoarm yn it twadde lid fan ús syntagme. Dat is in wichtich punt by de forklearring fan de hjoeddeiske konstruksje út 'e âlde. Dêr komt noch in oar net minder wichtich punt by: de wurdoarder fan it part nei *en* wie presiis de selde as dy fan in ymperatyfsin, m.o.w. uterlik koe in ymperatyfsin as *nimme in poun bûter mei* sûnder hokfoar foroaring plakt wurde efter *wolstou hinnegean en*. Doe 't nou by de striid tusken ymperatyf ien- en meartal de lêste it yn it Frysk sawol as yn 'e spraken om ús hinne oerjaen moast (Gysbert Japicx brûkt yn syn brieven oan Gabbema al foarmen mei en sûnder *e* trochinoar), moast yn it hjir bisprutsen syntagme lang om let kleur bikend wurde: wie mei de tiidwurdsfoarm yn it twadde lid langer in ymperatyf of in ynfinityf bidoeld? In ymperatyf, sa 't wy hjoeddedei oan 'e ûndûbelsinnige ymperatyffoarm fan de e-tiidwurden (*nimme*, *hearre* ensfh.) sjen kinne. En dêrmei wie it syntagme ta eat specifyk Frysk wurden.

Om 't it earste lid faek de selde tiidwurden brûkte krige it al gau hwat fan in tradysjonele ynlieding en semantysk foel alle klam op it twadde lid. Dêrby de finale funksje foriene de *en*- en de *om to*-konstruksje, mar trochdat de *om*

*to*-forbining ek oare as finale funksjes ha kin, naem de *en*-konstruksje dy maklik oer. Dat wy krije as farianten op ús syntagme bihalve sinnen as

Giestou even hinne en nim in spoarkaertsje foar my?

mei in sin sûnder ynfinityf yn it earste lid ek gefallen as by Miedema s. 233

It is in lust en sjoch dernei

hwer 't de *en*-konstruksje ta ûnderwerp fan de sin wurdt, in funksje dy 't de *om to*-forbining ek faek het. De *en* + *ympertyf* + *diel* A-groep wurdt dus sa 'n fêste kombinaesje, dat hja har lient foar gebrûk as grammatikale ienheit. Preposysjoneel objekt is hja b.g. yn in sin as

Ik fiel der neat foar en rin alhiel nei 't stasjon.

Mar sawol as subjekt as as objekt moat hja sa 't wy sjogge oankundige wurde (resp. mei *it* en *der*); hja is blykber net yn 'e widze lein om foarop yn 'e sin te stean. Fan in "analytyske" konstruksje kin men yn 'e beide lêste foarbylden al net mear prate: *in o m s k r i u w i n g* het ús syntagme, histoarysk sjoen, nea west, hwant *en* stie as in ûnmisber bynwurd tusken twa lykwaardige ienheden, dy 't net op in oare wize to forbinen wiene.

Nei it boppesteande mei it dúdlik wêze dat wy by de biskreaune konstruksje wiswier to krijen hawwe mei in ympertyffoarm, mar dat dy - en syn komôf is dêr de oarsaek fan - neat seit oer de funksje. Noch to folle wurde yn 'e Fryske spraakkunsten foarm en funksje bitiisd en de masters moatte yn alle bochten om leaud to wurden fan har learlingen, as hja in foarm *n* ek in funksje *n* op 'e lea plakke.

It iene wurd hellet it oare út, sa is 't hjir ek. Hwat jin nammentlik in bytsje forbjustert as men it boppebihandele fraechstik oangrypt, is, dat men by de je-tiidwurden net sjen kin, oft wy dêr mei in ympertyffoarm of mei in ynfinityffoarm to krijen hawwe, dus yn in foarbyld lykas

wolstou hinnegean en *meitsje* my dy fyts even  
moatte wy de idintiteit fan *meitsje* útmeitsje oan sinnen as

wolstou hinnegean en *bring* my dy fyts even.

Men freget jin ôf, hawwe de je-tiidwurden mei har oarspronklike ympertyf-meartal it „forrin" fan de âlde konstruksje ta de hjoeddeiske net keare kinnen? Nou is dy ympertyf-meartal op him sels al in nuver ding. Noch de e- noch alle n-tiidwurden hawwe him en yn de spraken om ús hinne is gjin spoar mear fan him to finen. Dat it omgongs-Leechlânsk him noch skriuwt is om dat ta kultuertael to forheffen: men riskearde yn Hollân-sels om oppakt to wurden as men de lju der mei oansprik. Wy moatte dus gear oer twa dingen

a. hoe komme de je-tiidwurden yn har ympertyf oan de oarspronklike meartalsfoarm?

b. koene de je-tiidwurden de oare klassen net keare doe 't hja yn it hjir bihandele syntagme de ynfinityf roalen oan de ympertyf-ientalsfoarm?

a. As wy de e-tiidwurden bisjogge, dan is dêr al ieuwen sprake fan in oerienkomst yn foarm tusken de earste persoan iental praesentis (ik *nim*) en de ymperatyf (iental, t.w. *nim*). Het nou dy gearfal sa sterk wurkje kinnen, dat by de je-tiidwurden it ûnderskied tusken (ic) *kapie* en *kapa,-e* it forlieze moatten het tsjin de oerienkomst tusken (ic) *kapie* en de út *kapiath*, *-ieth* ôfsliten foarm *kapie*? M.o.w. waerden de je-tiidwurden troch de e-tiidwurden twongen om út de beide ymperatyffoarmen dy to hâlden dy 't it bêste yn it troch har, de e-tiidwurden, foarme systeem paste?

Dy frage stelt ús foar de konsekwinsje om nei to gean, hokker soarte tiidwurden 't yn it Frysk it frekwintst binne en dêrmei sille wy dan meiens in andert hawwe op

b. Dit frekwinsjeûndersiik meije wy dan ek fan tapassing rekkenje op de tiidwurden dy 't yn ús syntagme nei *en* brûkt waerden: der kin logyskerwize gjin ûnderskied bistan yn 'e forhâlding tusken de perzentaezjes yn 't algemien en dy tusken de perzentaezjes basearre op 'e tiidwurden brûkt yn it twadde lid fan ús syntagme. Binammen net as wy ek noch de lytse groep fan tiidwurden mei in ynfinityf op *n* opspjalte yn twaën <sup>1)</sup>, sa dat hja gearflapt wurde kinne mei de beide greate groepen, dy op *je* en dy op *e*. Wy kinne nammentlik alle Fryske tiidwurden yndiele yn twa groepen:

A. dy mei in ymperatyf  $\neq$  ynfinityf (alle e-tw. + *dwaen* ensfh.)

B. dy mei in ymperatyf = ynfinityf (alle je-tw. + *gean* ensfh.)

Geane wy de leksikale frekwinsjes nei, dan is B yn 'e mearheit. Yn it Frysk-Nederlânsk wurdboek lêste printinge is by de tiidwurden dy 't mei in m bigjinne it tal 262 en dat jowt as forhâlding  $A : B = 115 : 147$  (lit ús sizze 5,5 : 7). Mar wichtiger as leksikale frekwinsjes binne dy yn brûkte tael, skreaun of sprutsen. Wy hawwe ta dat doel neigien it haedstik *De striejonker* út Brolsma *syn Groun en minsken* en kamen dêr op in totaal fan 397 tiidwurdsfoarmen (participia en alles meirekkene), dy 't in forhâlding sjen lit  $A : B = 295 : 102$ , dus rûchwei sein 3 : 1. Dat komt om 't in biskate skift tiidwurden dy 't wy ek yn basic-Frysk net misse koene ta de e-tiidwurden hearre: de helptiidwurden. *Hawwe* en *wêze* b.g. komme ta hege „yndividuele“ frekwinsjes. En yn sprutsen tael is mei in heal ear wol to hearren, dat de forhâlding dêr foar *A* noch gunstiger útfalle soe: dit fanwege it feit, dat sprutsen tael yn 't ginnerael neijer oan it basic stiet as skreaune.

M.o.w. it is gjin wûnder dat de e-tiidwurden har systeem optwinge koene oan de je-tiidwurden (de n-tiidwurden helpe beide likefolle likernôch, mar dy jowe dus de trochslach net). Dat fan konservearjend wurkjen yn in konstruksje lykas hjir oan 'e oarder is koe foar de je-tiidwurden gjin sprake wêze. Dat der by dy konstruksje uterlik gjin foroaring kaem as der in je-tiidwurd nei *en* stie, is dus kleare tafal meije wy wol sizze.

Ear 't ik dit stik bislút mei inkelde yn dizze kwesje noch net brûkte foarbylden, wol ik earst noch effen inkelde àl brûkte kritysk hifkje.

Miedema neamt op s. 233 as foarbyld *hja hienen nei Simen syn birekking*

1) Dat kin wol foar my as Grouster, mar kaem ik fan de Noardlike klaei, dan waerd 't al minder: dêr seit men b.g. *gon* dêr even hinne by in ynfinityf *gean*.

*dat âlde spil wol tûzen goune to heech, en do wier dy sa wiis, en liet it fleane* en seit op s. 234 dat wy yn *en liet it fleane* nei 't it "liket in oergong nei in normale njonkenskikte haedsin" hawwe. Wel, dat is gjin oergong, mar it is in normale njonkenskikte haedsin, hwat nea dúdliker to kontrolearjen is as troch it subjekt to foroarjen, b.g. sa *en do wierne wy sa wiis, en lieten it fleane* <sup>1)</sup> Nou 't it boppe dúdlik is dat wy yn modern Frysk altyd mei in ymperatyf en nea mei in ynfinityf to dwaen hawwe, het it gjin sin en kritisearje Miedema's ienneilêste alinea op s. 234, allinne yn it foarbyld mar *hwet ik nou einliks sizze woe en leugenje net* hoecht er *leugenje* mar to forfangen troch *liich* (beide wurde brûkt yn dit idiomatyske sizzen) en hy sjocht dat *leugenje* in ymperatyffoarm is. Spitigernôch kin Miedema foar it Efterhoeksk gjin goede foarbylden bybringe, om 't Overdiep dy ek net jowt (Stil. Gramm. 2de dr. s. 479). It docht jin in bytsje wûnderlik oan, dat Miedema út it Nijfryske wurdboekapparaet net opfiske de foarbylden út Waling Dykstra en Halbertsma-en-dy's leksikografysk materiael, de earsten dy 't as taelkundigen de konstruksje signalearren. Hwat der yn harren hânskriftlik materiael noch to finen is, wit ik net, mar yn hwat Dykstra dêrfan sammele yn syn wurdboek fine wy op *hinnegean: ik scil hinnegean en gean hinne* en út Halbertsma syn Lexicon 261 *Dou mast hinnegean en stopje dyn stikkene hoazzen*. It WNT forwiist op *heengaan* ek nei Dykstra en neamt ûnder de Hollânske foarbylden û.o. in sitaet út 'e Bibel: Ick sal henen gaen ende keeren weder tot mijn plaetse (Hos. 5, 15).

#### *Fierdere foarbylden*

##### *a. Fryske:*

*Oudfr. Oork. II nr 29 r. 112 (17-V-1450 kont. kopy):* soe schel dij gretman mit dae riocht ende mitter meente toe dae huuse gaen ende seka dijn ferdlaza ende peynda dae claghere sijn schilda wt dae guede

*Snitser Recesboek* (alles orig.)

hij woldet oen hem nyma *ende* gaen toe een prester *ende* spyliet wr dae tredda hand (nr 496 17-XII-1490) ;

*Ende* dat elck selff mey comma schel ... *ende* bywysent (nr 98 31-XII-1491); (Oudfr. Oork. III nr 23 s. 43)

Jen schellet aeck mey comma *ende* bywysent (nr 98 31-XII-1491) (Oudfr. Oork. III nr 23 s. 43);

weyten seyndt dat hij comma schel ... *ende* forandria dat ferdban *ende* ayndom (nr 4231 16-III-1507);

*ende* dan schel Jan *syn* broer *ende* sister al deer mey brenge *ende* dwaen Jurame(n)tum de calumpnia (nr 4421 30-VI-1507);

*ende* disse handen sint een wyten seint . . . datse comma scolden ... *ende* forandria hyaram Jenst griold (nr 4485 8-VIII-1507);

1) Wierskynlik spilet it net sa greate fonetyske ûnderskied tusken *lit* en *liet* Miedema hjir parten: bisykje mar ris to sizzen: *en doe wiene wy sa wiis wol en kaem net werom!* Om 'e selde reden forfalt ek in op it earste each tige nijsgjirrich foarbyld as by Gysbert-om yn syn 13de brief oan Gabbema: *aef ick it waege in klampe mei myn Boalserde sljuecht in rjuecht-pinne oon't boerd fen syn Amsterdamsche beschiedenheite* (Wirken, s. 329).

deer van schel hyo comma ende reckenya mey Eden ende stellen hem toe freden (nr 3133 26-I-1508);

alst hem leid waes ... ende lyuria peer bennertssin dae landen (nr 3445 2-VIII-1508) ;

Reijner Jelys zin hat oen nijmen toe reysyen In mennertsgae ende maken boet tapster soe guet . . . dat (nr 3506 20-IX-1508);

datter ... hier ... scolde commen ende brengen syn need schyn (nr 4029 14-XII-1509) ;

marcus orgelmaker hat oen nymen ... toe reysien toe scoterbwren ende meykia dat orgel aldeer (nr 2655 26-11-1511);

bocka peter ... hat oen nymen ... hier Jn snits ... toe comma (l. commen) ende recknyia mey sywrđ goltsmıt (nr 4672 24-V-1514);

*Húsarchyf Epema* (alles orig.),

dat ick dae pennygen in handen van Ymck nift tot dae wesena profyt solde oen brenghe ende ontfae van har *quil/tan/tie* (briif 62 ± 1525). Mooglik is *ontfae* hjir in ymperatyf to sjen oan 'e foarm *ontfaen* yn 'e selde briif yn 'dat ik dyoe *quitantie* ... mey ontfaen' dat sonder mis in ynfinityf is;

byeerrij ende ij sulx foer goed willet nemme ende seyndet ... tot her goslick (briif 70 1529).

*Waatze Gribberts bruyloft* (1701) (útj. Estrikken VII, Grins 1955)

Jf. A. Feitsma wiist yn har Forantwurding s. VIII al op'e konstruksje. Hy komt û.m. foar op s. 20 r. 14 ff.: my tinckt wy mogge hinne gæn in seyne Waatze neye Sted in litte fen ien tijge Dockter ien Geerbrieff ofte Putlicatie schrieuwe;

s. 20 r. 19 ff: Soon soo mooste neye Sted in litte yn Wtickati schriewe fin in tijge Dooctoor;

s. 80 r. 1 ff: so wol ick din hinne gæn in sisse ous Pistor dat ...

*W. Shakespeare, De Storm oers. R. Posthumus* (midden 19de ieu) (útj. Estrikken XXV, Grins 1958)

s. 33 r. 36 ff: Ik tink, dat hij dit ejlan yn syn boesse nei hoes drage sil, in jouw it syn soon for in apel. (hjir dus dúdlik in ymperatyffoarm)

b. Hollânske:

*Van den vos Reynaerde I* (útj. Zwolle, 1952 fan W.Gs. Hellinga); tekst P (1479), de proazatekst het de konstruksje yn tsjinstelling ta de poëtyske teksten yn r. 1844 ff: Die coninc ende die coninghinne die hoepten om groot ghewin ende sonder rade so namen si reynaer ende baden hem dat hi wel doen woude ende wisen hem sinen scat.

Foar de wiksel yn folchoarder fan objekt en regearjend tiidwurd forl. ek út 285 *Hs. Prov. Bibl. Ljouwert* (14de ieu) it neikommende foarbyld op fol. 19 r: Die manscepe doen sal die sal hem ontghorden ende zijn caproen wech doen ende teruen zine mauwen vp ....

Wûnderlikerwize signalearre de syntaktikus-by-útstek Overdiep yn syn *Zeven-tiende-eeuwsche* syntaxis fan it Hollânsk de konstruksje-as-sadanich

nearne. Bleat tafallich foun ik op s. 90 in gefal út Bontekoe 48:20 (útj. Staverman, 1930):

Wij sullen sien of wyse konnen beseylen en stroopense onder de kiel door.

c. Saksyske

By neifrage die it bliken dat de konstruksje yn Grinslân net biheind is ta it Westerkertier (Overdiep), mar ek foarkomt op it Hegelân (Onderdendam), net lykwols dy hwer 't de *en*-konstruksje oarsaeklik foarwerp is:

Wilstûû even hingåån en hålen mie een pakje tabak?

Gaistûû even hin en hålen mie een pakje tabak?

Ik zol wel gek wezen en doun dat.

Ek by Stedsgrinzers dy 't oerstapt binne op it Hollânsk kin men de konstruksje hearre.

Ut 'e Leechdútske njonkentekest fan de boppeneamde útjefte fan *Waatze Gribberts Bruyloft* dy't yn 1661 printe waerd jitte de neikommende foarbylden:

s. 21 r. 14: Sohne so mustu naer Stadt, un laten en Uthlickkatzie stellen;

s. 81 r. 21: Schalck denn hengahn un seggent den Pistor, dat ...

s. 81 r. 3-4: so wilck gahn un wetten dat Mest. . .

*Teake Hoekema.*

### IN SPESIFYK FRYSK SYNTAGME II.

Douwe Tamminga hat yn De Pompeblêden XXX, 126 ff. yn in bydrage *Fan sinnen en bysinnen* de kwesje fan forbiningen lykas *It is in lust en sjoch der nei* jitris op it aljemint brocht. It wurdt út it stik net dúdlik hwat Tamminga forstiet ûnder in *bysin*, mar it hat gjin sin en bigjin to redendielen oer terminology. Hwat wol sin hat is, dat Tamminga hinnegiet en stel de bigrinzing fan it forskynsel oan de oarder. Yn myn earste stik (U.W. VII, 17 ff.) is nammentlik wol sein, dat in sin lykas boppeneamd altyd om to setten is yn *it is in lust om der nei to sjen*, mar net, hokker *om to + doelfoarm*-konstruksjes omsetber binne ta ús spesifyk Frysk syntagme. Hwant dat net *elke* sin mei dy konstruksje omsetber is, docht kleare bliken oan it foarbyld *men yt om to libjen*, dat Tamminga jowt. Lykwols liket it net ienfâldich in saek to wêzen fan dit gefal wol en dat gefal net, hwant Tamminga en ik hawwe ek *forskil* oer de omsetberens fan biskate sintsjes. Dat soe der op wize kinne, dat de grins fan ús syntagme (noch) net fêststiet. En dan soe it stellen fan de frage, dy't Tamminga die, syn sin forlieze. Mar lit ús it rychje foarbylden ris bisjen út it stik fan Lolle Nauta yn De Tsjerne XII, 301 ff., dat Tamminga jowt en dêr't yn elts gefal net ien by is, dat neffens my net goed is. Der wurde 19 gefallen sitearre, mar Tamminga hie mei 14 takind, om't der 5 binne, dy't it ynljedende part mienskiplik hawwe mei guon oare. Sjogge wy nei hwat dy 14 gefallen fan inoar ûnderskaet, dan binne de efterstikken:

- a. ûnderwerp : it *hat gjin doel en wurkje mei ...*
- b. foarwerp: *ien ... dy't it oandoarde en fordigenje de rigel fan visser ...*



c. oarsaeklik foarwerp: *ien ... dy't der nocht oan hat en hein ... ris hwat wurden op ...*

Allegearre wurde hja yn it foarstik oankundige troch it wurd yn romein. Bining mei in bywurd hawwe wy yn

d. *As kunstner is er ... sa forstannich en brûk syn harsens ....*

Bining oan in haednamme yn it foarstik fine wy yn

e. *as dichter nimt er ... net ... de muoite en sykje om nije wurden ...*

Rounom hat it foarstik dus in sichtbere relaesje ta it efterstik. Unsichtber mar wol to biharkjen oan de meldije fan de sin is dy relaesje yn

f. *de dichter ... dy't net ré is en stel himsels ûnder ... tucht ...*

dêr't it efterstik foarwerp is by it sechde út it foarstik. Dêrby, it foarstik soe ek ôftocht fan de sinmeldije eigentlik net op himsels stean kinne. Alles hwat hjir sein is oer de efterstikken fan de Tsjerneoanhalen jildt ek foar harren *om to + doelfoarm*-farianten. Wy hâlde fan dy oanhalen ien oer en dat is

g. (wylst wadman) *ynpleats fan op de katheders stean to gean en forkundigje in ivich litterair boadskip*, (derûnder sitten giet) ...

Om dúdlik to meitsjen hwat dit gefal ûnderskaet fan *f* sette wy de sin effen om:

ga. *ynpleats dat er op de katheders stean giet en forkundigje in ivich litterair boadskip ...*

Hjir bynt noch wol de sinmeldije beide stikken oaninoar, mar it foarstik soe as wy *dêr* net nei harken ek op himsels stean kinne, hwat faeks noch dúdliker wurdt as wy de konstruksje sa fariearje:

gb. *ynpleats dat er op de katheders stean giet om in ivich litterair boadskip to forkundigjen ....*

De funksje fan it efterstik is in bywurdlike oanfolling fan doel. Mar it is net sasear de selsstannigens fan it foarstik en de funksje fan it efterstik dy't *g* ûnderskiede fan *a-f*. Wy kinne nammentlik mei it foarstik fan de gefallen *a-f* omgûchelje sa't wy wolle, dat foroaret allegearre neat oan it feit, dat *en* en de hjittende sin bliuwe kinne. Kin dat ek mei *g*? Wy binne boppe net fierdergien as de omsetting ta *ga*. Mar kin men ienfâldich it feit meidiele

gc. *wadman giet op de katheders stean en forkundigje in ivich litterair boadskip (?)*.

It wol net, alteas net as meidieling fan in feit. Dat it yn *ga* wol kin, komt, om't gjin feit biskreaun wurdt, mar in mooglikheit steld. Nou wie *g* hwat in litterair foarbyld. Wy sille ynsté dêrfan ris ien fan de ienfâldige foarbylden mei de *om to + doelfoarm*-konstruksje nimme, dêr't Tamminga fan seit, dat se net of alteas min omsetber binne ta hwer't it ús om giet:

*De polysje kaem by him, om him út to hearren.*

Dat dat sa is, sit him yn it foarstik; dêr siet it him ek yn by gefal *gc* (meidieling). It sit him net yn it tiidwurd *komme* as sadanich, likemin as it him yn *gc* yn de forbinning *stean gean* as sadanich sit. Mar der spylje oare dingen mei en wy sille sjen hokker. Dêrfoar wolle wy Tamminga syn sintsje nimme as útgongspunt en dêrmei eksperimintearje. Wy nimme dêrby it frij en foroarje it efterstik yn

*. . . om him op to heljen*

Wy dogge dat hjirom, om't wy by ûnderfining witte, dat it radarsysteem, dat ús bihoedzje moat foar syntaktyske misstappen, by swakke tiidwurden op *-je* better wurket as by dy op *-e*. It wol Tamminga lykas my min út 'e mûle en siz:

*De polysje kaem by him en helje him op.*

Of: *De polysje komt by him en helje him op.*

Dat wol net. Wy foegje in modael wurd ta en it wol wol:

*De polysje komt grif by him en helje him op.*

Men kin sizze, dat de noutiidsfoarm fan it tiidwurd en *grif* hjir útdrukke, hwat foar wierskynlik holden wurdt - yn'e takomst. En hwat to sizzen fan:

*Kaem de polysje mar by him en helje him op! (?)*

Mar ek foar de noutiid litte har gefallen oanwize en om sjen to litten, dat net allinne tiidwurden fan biweging brûkt wurde, soene wy neame kinne:

*De polysje sil wol by him sitte en hear him út.*

M.o.w., yn de groep *g* spylje dingen as tiid, wize, modaliteit en omtkest sa fyntsjes en hyltyd wer oars harren rol, dat it ûndwaenlik is en jow in ûnwis skriuwer in kaei yn hannen, dy't by elk foarkommend gefal it rjochte doarke foar him iependocht. En hwa fan ús soe dy kaei dan meitsje moatte?? Fierwei de measte gefallen kin men wol toplakkrije by de kategoryën *a-f*. Mar de rubryk *g* kin men allinne troch skerp harkjen en gâns lêzen (fan goede skriuwers) in bytsje thús yn wurde.

Yn it foargeande is dus bisocht om de kritearia foar omsetberens fan de *om to* + *doelfoarm*-konstruksje to finen oan 'e hân fan gefallen, dy't - as wy it sa effen stelle meije - al omset binne.

Fan de gefallen, dy't Tamminga neamt op side 128 <sup>1</sup>), binne by my noch it bêst omsetber

1. It idé, om de Lauwerssé droech to lizzen, is net alhiel nij (= groep *e*)

2. Ik skrep al wakker, om op dyn brief to antwurdzjen (= groep *g*) (ek yn de 2de en 3de pers).

Gâns ienfâldiger as de kwesjes dy't har by groep *g* foardwaen kinne is de frage fan de grins tusken it gebrûk fan *om to* en *to*, leau ik. Neffens my brûkt it Frysk *om to*, hwer't it mar heal kin en dat ûnderskaet it fan it Hollânsk (sj. U.W. VII, 17). Dêrom kin ik it ek allinne mar taskriuwe oan it lêzen fan in soad Hollânsk, dat Nauta <sup>2</sup>) skriuwe kin fan

*... dat men fan him leare kin it ûnsinnige troch to sjen fan wadman syn stelling, ...*

Ik soe dêr skreaun hawwe:

*... dat men fan him leare kin om it ûnsinnige yn to sjen fan wadman syn stelling. . .*

of de *en* + *hjittende foarm*-konstruksje brûkt hawwe. Fierders neamt Tamminga gjin *to* + *doelfoarm*-konstruksjes út Nauta syn stik. Nauta makket oars op 'e

1) Guon dêrfan stamme út de wurken fan G.S. Overdiep en G.A. van Es, dy't foar it Hollânsk en de dêroan neibisibbe tongslaggen in treflike biskriuwing jowe fan *om te* + *nammefoarm*-konstruksjes, mar net sa, dat wy der foar de kwesje fan de omsetberens it rjochte hâld oan hawwe.

2) Of moat men it wite oan Tamminga syn oereidzjen (sj. De Tsjerne XIV, 333)?

Tsjernelêzers wol de yndruk, dat er syn tael wit to brûken (ik kin net sizze: dat er wit om syn tael to brûken, of: dat er syn tael wit om to brûken).<sup>1)</sup>

It hat tige de muoite wurdich west, dat Tamminga syn frage nei de bigrinzing fan ús syntagme opsmiten hat. Ik foar my mien lykwols nei it boppesteande oannimme to meijen, dat der op dy frage net in andert jown wurde kin, dat ôfdwaende is.

*Teake Hoekema.*

1) Sj. noat 2 op s. 87.